*Opm Aant: Der binne tink ik in 4 tal redenen wêrom dit mis gien is:*
*1. Se soene sels ek gjin lifters meinimme dus woene se in oar ek net freegje*
*2. Se woene it nij Dútske rekord klaverjassen ferbrekke.*
*3. Se hawwe lêst fan hechtingsdrang*
*4. Se meie jim net lije.*

**23.00 SMS fan Ajax, Hercules, Apollo en Spartacus**
Wij binne yn stee.
a. Ljouwert b.erlin c.asablanca d. Ublin

**23.20 SMS fan Sjoerd**
Dankjewol. Wat is it hjir moai..... Wij binne "gedesillusioneerd"mar we ha toch ek in moaie tiid hân.
Op bijgeande kaartsje kinne jim sjen welk diel fan de route jan en Sjoerd **net** ôflein hawwe.

(AH)

# Oan it wurd

Hij is lieder en fjildfuotballer bij de feteranen en ynfaller bij SDS futsal 3. Hij wennet yn Wommels en is 46 jier. Wij hawwe it oer Ids Boersma.
Hij is oan it wurd oer syn "miste"hichtepunten.

**Ids, do komst fan de Slachtedyk, hoe bist bij it fuotbaljen kommen.**
Ik siet yn Hidaard op skoalle en wie dêr altiten oan it fuotbaljen mei û.o. Harm Jan Klijnsma en Marten Jorritsma. Us skoalmaster wie Freark Smink. Dy wie al aktyf as fuotballer bij SDS en dy hat ús wat stimuleard om lid te wurden fan SDS. Ik wie doe al in jier as 12.

**Dus earne yn de C-'s begûn?**
Ja, ik ha fanôf de C's de jeugd trochrûn bij SDS. Dêrnei bin ik bij de senioren begûn yn SDS 2.

**Hoe lang hast dêr bij sitten en hoe bist bij it earste kommen?**
Ik haw hast 2 jier bij SDS 2 sitten en bin nei in oefenwedstriid fan SDS 1 troch lieder Meinte Sixma nei it earste helle. Trainer wie doe Joop de Boer.

**Wat wie dyn posysje?**
Yn de jeugd stie ik altyd yn de efterste liny. Bij de A-s wie ik de fêste lêste man. En bij it earste kaam ik op de back.

**Do siest noch net salang bij it earste doe waarden jim kampioen?**

Klopt, de lêste wedstryd wie tsjin Dolsterhuzen en dy wie allesbeslissend. Eilaas haw ik dizze wedstryd net echt meidien. Ik wie oan beurt om te wikseljen en stie der dus neist en bin der ek net yn west.

**Hoe giet it yn de tredde klasse?**
Ik haw fanôf doe jierren yn it earste spile op de back-posysje. Gjin kampioenskip mar ek gjin degradaasje. Myn "spesjaliteit" wie: werom spylje op de keeper. Dêr wiene sommige trainers net sa bliid mei, want dat gie ek wolris mis fansels.

**Hoe lang hast yn it earste spile?**
Ik tink sa'n jier as 7 of 8. Bin werom gien nei it twadde en bin sels letter in skofke opholden omdat ik it sealfuotbaljen der ek bij hie.

**Dat hast dat er hast altiten bij dien.**
Ja, ik fyn dat echt prachtich. In prachtige ploech hiene wij op lêst ek, mei Marco, Klaas, Johan, Auke Jetse, Ype en Douwe.

**Dochs bist letter wer op it fjild begûn.**
Ja, ik wie miskien wol de earste opropkrêft. Ik siet op sealfuotbal mar waard ek wol gauris frege om mei te dwaan mei de feteranen. Want dy leeftyd hie ik doe.

**Dus de Fryslân kup wûn mei de feteranen?**
Ja en nee. Ek no pisse ik wer bûten de pot. De hiele wei der hinne, mei geweldige wedstriden tsjin Balk, Zeerobben, Harkemase Boys haw ik meidien, mar de grutte finale tsjin



Harkema Opeinde mocht ik net meidwaan. Ik wie allinne mar seallid en men woe gjin risiko nimme troch in spiler mei dwaan te litten dy't net echt fjildlid wie.

**Al wer in miste kâns dus.**
Ja, en der soe noch ien komme. In pear jier lyn draaiden wij in geweldich seizoen mei de feteranen en ik rûn op de training in blessure op. Ik haw doe sa'n 7 wedstriden mist en dêr siet de kampioenswedstryd ek bij.

**Do bist oars net faak blesseard?**
Dat klopt. Dit wie ek de ienige kear neffens mij. Dit wie in soarte mei swypslach, op de training oprûn.

**Neist fuotballer bij de feteranen bist ek lieder. Hoe lang al en hoe is dat?**
Ik bin it no sa'n 5 jier en ik bin der aardich yngroeid. It moast earst wol wenne, mar fyn it no wol leuk.

**Wat is der net leuk oan?**
Minder leuk fyn ik dat wij faak tongersdeis net ta in beslút komme kinne wa't mei welk alvetal giet. SDS 2 is let klear mei trainen en nei tsien oere kin je ek net elkenien mear belje. It betsjut wol dat je faak freeds noch wat regelje moatte.

**Noch efkes oer dyn fuotbal. Wêr stiest no it leafst?**
Foarhinne spile ik altiten efter yn ferbân mei te min rinfermogen. Ik mei graach yn de as spylje. Foarstopper en dan mei ynskouwe befalt mij it beste.

**En bij de feteranen stiest meast op it middenfjild fanwege dyn rinfermogen.**
Tja, do seist it . De tiden binne feroare.

**Wat wiene dyn echte hichtepunten?**
It kampioenskip mei it earder neamde sealteam en it seizoen fan in pear jier bij de feteranen doe't wij kampioen waarden. Dat wiene allegear finales dy't wij wol hieltyd wûnen.

**Hast ek noch in doelpunt wat dij bijbleaun is?**
Ik skoor net safolle en seker net mei de kop. Mar ik haw in kear in frije traap yn de wedstryd tsjin Zeerobben 1 ynkopt . Dy is mij echt bijbleaun.

**Dochst ek oare sporten?**
Nee, foarhinne keatste ik noch wolris, mar dat doch ik al jierren net mear. Ik mei wol hiel graach sport sjen. Dat is net allinne fuotbal mar ek oare sporten. Ik bliuw der nea foar thús lykwols.

**Bij sommige minsken witte je dat se foar Ajax of Feyenoord of PSV binne. Fan dij wit ik it net.**
Dat is Ajax. En foardatst it fregest myn favorite spiler is Cocu.

Ta beslút: dyn superalve:

## superâlve Ids

Tsjipke O.

Ulbe S. Henk O. Jan v. A Frans A.

Wouter H.

Jaap J. Klaas O.

Henk W. Wim B. Pyt de J.

reserve: alle 35 plussers fan no

(AH)

# Standen fjildfuotbal

Efkes yn de herinnering bringe hoe't it der ek al wer foar stiet mei de alvetallen fan SDS, dy't yn in folsleine kompetysje sitte.

| plak | TEAM | spile | wûn | gelyk | ferlern | PNT | foar | tsjin |
|---|---|---|---|---|---|---|---|---|
| 11 | **SDS 1** | 13 | 1 | 2 | 10 | **5** | 6 | 34 |
| 10. | **SDS 2** | 11 | 3 | 1 | 7 | **10** | 13 | 31 |
| 5. | **SDS 3** | 11 | 5 | 4 | 2 | **19** | 27 | 22 |
| 7. | **SDS 4** | 11 | 4 | 3 | 4 | **15** | 26 | 28 |
| 11. | **SDS 5** | 11 | 0 | 1 | 10 | **1** | 22 | 59 |
| 5. | **SDS A1** | 11 | 5 | 3 | 3 | **18** | 33 | 21 |
| 6. | **SDS A2** | 10 | 3 | 1 | 6 | **10** | 24 | 36 |
| 9. | **SDS B1** | 9 | 3 | 0 | 6 | **9** | 11 | 37 |
| 4. | **SDS C1** | 11 | 8 | 1 | 2 | **25** | 75 | 19 |
| 6. | **SDS C2** | 12 | 4 | 2 | 6 | **14** | 32 | 56 |
| 9. | **SDS D1** | 13 | 3 | 3 | 7 | **12** | 22 | 48 |

De alvetallen fan D2 en D3, krekt as alle E en F sântallen wurde op nij yndield . Op dit stuit binne dy yndieldingen noch net bekind. Ek komt er fanôf 3 maart wer in F5 7-tal bij. (AH)

# De "Nije" SDS League

In de tweede helft van de het seizoen 2005-2006 kunt u wederom meedoen aan de SDS League. Deze gaat op 4 februari weer van start. De kosten bedragen _12,-. De spelers waar u uit kunt kiezen staan in deze Treffer gedrukt. Als u al meedoet aan de SDS League en u levert geen nieuw team in, dan doet u weer mee met het team waarmee u de eerste helft hebt meegedaan. Nieuwe aanmeldingsformulieren liggen ook in de voetbalkantine. U dient uw team aan te melden vóór **zondag 5 februari 2006.** U kunt uw team inleveren bij:

*Willem Wijnia of *Roel Sybesma
Walperterwei 21 De Singel 17
8731 CC Wommels 8734 HP Easterein

of mail uw team naar: **SDSLeague@vv-sds.nl**

Uw kunt het deelnemersformulier voor de SDS League ook downloaden van onze website: **www.vv-sds.nl**
Tip: Kopieer uw team! U ontvangt namelijk geen bevestiging van uw team.
Wij hopen weer veel nieuwe deelnemers te kunnen begroeten. Er zijn aantrekkelijke prijzen te winnen en de clubkas van SDS wordt ook nog eens gespekt. (WW)

---

## SDS league deelnemingsformulier:

Dit is mijn team voor de tweede helft van de competitie 2005-2006:

| | Naam: | Nr: | Club: |
|---|---|---|---|
| Doel: | ............................ | .......... | ......... |
| Verdediging: | ............................ | .......... | ......... |
| | ............................ | .......... | ......... |
| | ............................ | .......... | ......... |
| | ............................ | .......... | ......... |
| Middenveld: | ............................ | .......... | ......... |
| | ............................ | .......... | ......... |
| | ............................ | .......... | ......... |
| Aanval: | ............................ | .......... | ......... |
| | ............................ | .......... | ......... |
| | ............................ | .......... | ......... |

Naam team: ............................ Bank-/girorekeningnr: ......................

Naam: ............................ Handtekening:
Adres: ............................
Woonplaats ............................ ......................

# Spelerslijst SDS League 2^e helft 2005-2006

Út dizze spilers kinne jim jimme favorite 4-3-3 opstelling kieze.
Fan elke klup meie jim mar ien spiler útsykje. Sukses!

| Nr: | Doelverdedigers | Club: | | | | | | | | | |
|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|
| 1001 | De Vries | ADO | 1014 | Lambers | GRO | 1026 | Van Enmerik | NEC | 1038 | Kooiman | SPA |
| 1002 | Paauwe Cees | ADO | 1015 | Roorda | GRO | 1027 | Coe | PSV | 1039 | Ponk | SPA |
| 1003 | Van der Kaay | ADO | 1016 | Taberima | HEE | 1028 | Gomes | PSV | 1040 | Boschker | TWE |
| 1005 | Stekelenburg | AJA | 1017 | Vandenbussche | HEE | 1029 | Muyters | PSV | 1041 | Pasveer | TWE |
| 1006 | Vermeer | AJA | 1018 | Waterman | HEE | 1030 | Zoetebier | PSV | 1042 | Wiertjens | TWE |
| 1007 | Vonk | AJA | 1019 | Pieckenhagen | HER | 1031 | Friebel | RBC | 1043 | Grandel | UTR |
| 1008 | Timmer | AZ | 1020 | Van Loo | HER | 1032 | Volders | RBC | 1044 | Terol | UTR |
| 1009 | Zwarthoed | AZ | 1021 | Wijnterp | HER | 1033 | Hoop | RKC | 1045 | Coutinho | VIT |
| 1010 | Aerts | FEY | 1022 | Christianen | NAC | 1034 | Van Dijk Rob | RKC | 1046 | Wapenaar | VIT |
| 1011 | Ekramy | FEY | 1023 | Schollen | NAC | 1035 | Wevers | RKC | 1047 | Moens | WII |
| 1012 | Hogedoorn | FEY | 1024 | Van Zwam | NAC | 1036 | Castro | ROD | 1048 | Zois | WII |
| 1013 | Lodewijks | FEY | 1025 | Babos | NEC | 1037 | Kujovic | ROD | 1049 | Peersman | WII |

| Nr: | Verdedigers | Club: | | | | | | | | | |
|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|
| 2001 | El-Akchaoui | ADO | 2039 | Kruiswijk | GRO | 2077 | Alex | PSV | 2116 | Schenkel | SPA |
| 2002 | Grujic | ADO | 2040 | Lukkink | GRO | 2078 | Ball | PSV | 2117 | Zoontjes | SPA |
| 2003 | Rijaard | ADO | 2041 | Sankoh | GRO | 2079 | Lamey | PSV | 2118 | Heubach | TWE |
| 2004 | Rzasa | ADO | 2042 | Silva | GRO | 2080 | Reiziger | PSV | 2119 | Hofstijzer | TWE |
| 2005 | Saavedra | ADO | 2043 | Van der Laan | GRO | 2081 | Lucius | PSV | 2120 | Loumpoutis | TWE |
| 2006 | Saeijs | ADO | 2044 | Van der Linden | GRO | 2082 | Ooijer | PSV | 2121 | Majstorovic | TWE |
| 2007 | Boakje | AJA | 2045 | Bakkali | HEE | 2083 | Ebbinge | RBC | 2122 | Schuurman | TWE |
| 2008 | Grygera | AJA | 2046 | Breuer | HEE | 2084 | Fleur | RBC | 2123 | Touzani | TWE |
| 2009 | Heitinga | AJA | 2047 | Derveld | HEE | 2085 | Fortes | RBC | 2124 | Zomer | TWE |
| 2010 | Juanfran | AJA | 2048 | Drost, Henrico | HEE | 2086 | Lammens | RBC | 2125 | Braafheid | UTR |
| 2011 | Maxwell | AJA | 2049 | Drost, Jeroen | HEE | 2087 | Molenaar | RBC | 2126 | Cornelisse Tim | UTR |
| 2012 | Schilder | AJA | 2050 | Hansson | HEE | 2088 | Roumani | RBC | 2128 | Keller Sander | UTR |
| 2013 | Trabelsi | AJA | 2051 | Kissi | HEE | 2089 | Yaran | RBC | 2129 | Mooij | UTR |
| 2014 | Vermaelen | AJA | 2052 | Seip | HEE | 2090 | Axwijk Lion | RKC | 2130 | Schut | UTR |
| 2015 | De Cler | AZ | 2053 | Van den Berg | HEE | 2091 | Bakens | RKC | 2131 | Shew-Atjon | UTR |
| 2016 | Jaliens | AZ | 2054 | Hellings | HER | 2092 | Fung a Wing | RKC | 2132 | Tiendali | UTR |
| 2017 | Mathijsen | AZ | 2055 | Hoogma | HER | 2093 | Keller Stephan | RKC | 2133 | Van Steensel | UTR |
| 2018 | Opdam | AZ | 2056 | Jansen Rudy | HER | 2094 | Promes | RKC | 2134 | Blondelle | VIT |
| 2019 | Reini | AZ | 2057 | Klavan | HER | 2095 | Rustenburg | RKC | 2135 | Dingsdag | VIT |
| 2020 | Steinsson | AZ | 2058 | Looms | HER | 2096 | Schrier | RKC | 2136 | Frankel | VIT |
| 2021 | Willemsen | AZ | 2059 | Reekers | HER | 2097 | Teixeira | RKC | 2137 | Jansen Michael | VIT |
| 2022 | De Zeeuw | AZ | 2060 | Smit Marnix | HER | 2098 | Triantafillidis | RKC | 2138 | Knol | VIT |
| 2023 | Andre Bahia | FEY | 2061 | Wuytens | HER | 2099 | Van Diemen | RKC | 2139 | Paymans | VIT |
| 2024 | Bandalovski | FEY | 2062 | Elshot | NAC | 2100 | Van Haaren | RKC | 2140 | Suart | VIT |
| 2025 | Bosschaart | FEY | 2063 | Kerstens | NAC | 2101 | Van Rijsbergen | RKC | 2141 | Van den Berg | VIT |
| 2026 | Collen | FEY | 2064 | Kousemaker | NAC | 2102 | Zuiverloon | RKC | 2142 | Vreven | VIT |
| 2028 | Gibbs | FEY | 2065 | Penders | NAC | 2105 | Kah | ROD | 2143 | Holman | WII |
| 2029 | Greene | FEY | 2066 | Vidmar | NAC | 2106 | Lachambre | ROD | 2144 | Janse | WII |
| 2030 | Gyan | FEY | 2067 | Zwaanswijk | NAC | 2107 | Leemans | ROD | 2145 | Valencia | WII |
| 2031 | Miliga | FEY | 2068 | Bakker | NEC | 2108 | Rompelberg | ROD | 2146 | Van der Haar | WII |
| 2032 | Ostlund | FEY | 2069 | Leiwakabessy | NEC | 2109 | Senden | ROD | 2147 | Van der Struijk | WII |
| 2033 | Paauwe Patrick | FEY | 2070 | Mormen | NEC | 2110 | Voigt | ROD | 2148 | Van Lieshout | WII |
| 2034 | Saidi | FEY | 2071 | Halbantoglu | NEC | 2111 | Bruma | SPA | 2149 | Van Mosselveld | WII |
| 2035 | Vlaar | FEY | 2072 | Olsson | NEC | 2112 | De Fauw | SPA | 2150 | Van Nieuwstadt | WII |
| 2036 | Buijs | GRO | 2073 | Pothuizen | NEC | 2113 | Gudde | SPA | 2151 | Wau, Nuelson | WII |
| 2037 | Florén | GRO | 2075 | Wisgerhof | NEC | 2114 | Gudelj | SPA | 2152 | Fehér | WII |
| 2038 | Hiariej | GRO | 2076 | Addo | PSV | 2115 | Olfers | SPA | 2153 | Swinkels | WII |

# It ljocht op in sponser

"Nu hoef je nooit je jas meer aan te trekken en te hopen dat je licht het doet, laat buiten de stormwind nu maar razen in het donker, want binnen is het warm en licht en goed.....(Boudewijn de Groot - avond). Dit is meastal it lêste nûmerke dat Jelle de Jong út Wommels mei sjongt mei de rest fan de gasten yn de kroech. (mar dan wol in pear desibel hurder. )

TMB de Jong ( Technisch Metaal Bedrijf ) is festige oan de Walperterwei 35 ien Wommels. Hjir is hij al in moai skoft aktyf yn de hannel fan metaal.
Sa'n 30 ier stiet dit bedriuw te plak.
Ek is der in side te finen op it ynternet.
Hjir stiet in soad ynformaasje oar alle saken binnen syn bedriuw. It is dan ik sa dat wannear it giet om topkwaliteit yn draai- en freeswurk, dat de Jong seker it bêste adres is.

At it om fuotbal giet moat je eigenlik net bij him wêze hat er mij fertelle kinnen. It boeit gewoan net echt en hij hat sels ik nea op fuotbal sitten.

In potsje biljerte lit er seker wol foargean yn pleats fan fuotbal. Wat noch wol te heugen is, dat hij ea ien kear op in waarme simmerdei tsjin Tsjom fuotballe hat. En syn funksje wie keeper. At der no de nul hâlden hat, wist er net echt mear, want it koene ek wol 10 tsjin wêze kinne. (ik sels tink dat it der wol mear dan 10 west hawwe). Wat dat oangiet is Jelle om sosjale redenen sponser wurden fan SDS. It heart der gewoan bij!!

Per 1 febrewaris krijt Jelle de kaaien fan syn nije hûs...of sis mar buorkerijtsje. Wol bliuwt er yn Wommels wenjen. Ticht bij de jachthaven hat hij dit optrekje kocht. Dit sil der earst even ûnder hannen nimme en dan letter bewenje. Foardiel hjirfan is dat je hast krûpend de kroech út kinne!!! *( GvA )*



# Samar in ........Midwintercup

Sneon 14 jannewaris waarden de finales spile fan de Midwintercup. Noch nea earder koe SDS mei 2 teams meidwaan oan dizze finales. Sawol it fjild- as it sealteam hie harren pleatst troch yn de foarrondes 1$^e$ te wurden yn harren poules. It fjildteam(SDS 2:Marten, Mark, Floris, Dirk-Yde, Skelte, Tseard H.en Jacob-Klaas) die dit yn Koudum troch û.o. Mulier, Oeverzwaluwen en QVC efter harren te litten. SDS 1(it sealteam: Jan-Simon, Feite, Anne, Tsjipke, Robert, Harm, Peter en Willem) hie it wat makliker. Sy wûnen û.o. fan Oudega, Arum en Hielpen.
Ek yn Frentsjer(sûnt foarich jier it plak foar de Midwintercup ynstee fan it FEC) siet SDS 2 yn in drege poule. Sy mochten opdrafe tsjin Drs. Vijfje(sealhaadklasser út Grins), Blauw-Wit '34 (sealhaad-klasser, foarich jier noch 3$^e$ op 'e Mid-wintercup), Workum 1(sealhaad-klasser) en Dokkum. SDS 2 mocht lyk om 9.00 los. Sy wienen ek gau wer klear. Nei sneu ferlies tsjin Workum(1-0), 2-0 ferlies tsjin Blauw-Wit '34 en de winst tsjin Dokkum(2-0, 2x Dirk-Yde) moast der yn de lêste wedstryd mei 2-0 wûn wurde fan Drs. Vijfje. Dizze Grinzer studinten (neamd nei in typke fan Maarten Spanjer) wienen net fan doel yn dizze wedstryd fan in steltsje Fryske boeren te ferliezen. SDS kaam der net oan te pas en ferlear mei 3-0. Gau douche en sjen as SDS 1 it better docht.

SDS 1 hoefde pas om 12.15 oere los. Sy troffen it wer aardich mei it lot. SDS 1 mocht tsjin Cambuur '69, ONT, The Point(sealteam út Bûtenpost dy 't ûnderoan stiet yn de 1$^e$-Klasse mei min 2 punten(?!) en CSL. SDS hoefde him net swier yn te spannen om troch te gean nei de finaleronde. Cambuur '69 waard pakt mei 4-1(Tsjipke-Klaas, e.d. en Peter (2), tsjin CSL waard wûn mei 2-0 (Anne en Robert), De Point waard ferslein mei 3-1(Anne, Harm en Peter) en tsjin ONT waard úteinlik lykspile(0-0). It wachtsjen koe begjinne. De finalerondes waarden pas fan ôf 17.15 oere spile. Dit betekene dat der 3 oeren wachte wurde moast. Yn dy tiid moast der mar wat klaverjast wurde, nei it reedriden sjen, nei it darten sjen en fansels efkes by Akke-Rixt sjen dy 't mei de ONS-froulju los moast. Ek Akke-Rixt helle mei har team de



finaleronde. De mannen fan SDS 2 sieten yntusken al lang oan 't bier en genoaten fan it darten.

Om 17.00 wie de lotting foar de 1$^e$ knock-out ronde. Foar SDS 1 makke it net folle út tsjin wa 't sy fuotbalje moasten. Ommers moast der yn 2004 doe 't SDS de Midwintercup wûn ek tsjin Avanti, Heerenveen en CommeCi



CommeCa fuotballe wurde. It wie doe wol noflik dat sy de K.O.-ronde begjinne mochten tsjin Zwaagwesteinde om der yn te kommen. Dit kear waard it oars. De 1$^e$ wedstryd waard lyk in swiere dobber. Avanti moast ferslein wurde. It waard in iepen wedstryd. Avanti(mei û.o. Max Houttuin) gie fol op 'e oanfal en SDS koe by tiden gefaarlik kounterje. Nei dat by beide

ploegen in giele kaart foel en efkes letter sels noch ien by Avanti mocht SDS it probeare mei 4 tsjin 3. Dit levere úteinlik gjin goal op (opfallend wie dat in man mear yn hast gjin wedstryd foardiel oplevere. Drs.Vijfje krige in goal om 'e earen mei 2(?!) man mear tsjin WPB en Avanti koe mei 2 man mear net skore tsjin de Herauten). De knap keepende keeper fan Avanti wist de ûnmooglikste ballen út syn goal te hâlden. Doe 't beide teams wer mei 5 man wienen wie it dochs Avanti dy 't 1-0 makke. Doe 't it ek 2-0 waard wie it gebeurd. SDS probeare noch wol mar koe de bal mar net yn de goal krije.
De rest fan de dei wienen der noch aardige wedstriden te sjen. Sa wûn Drs. Vijfje nei pingels fan WPB. Yn de wedstryd sels like der neat oan de hân foar Drs. Vijfje. Sy stienen mei noch ien minút op de klok mei 2-1 foar en hienen [illegible] dochs noch lyk meitsje.



[illegible] kelde favoriten sneuvelen al gau. Sa hie Exstador in keeper fan Harns op 'e goal setten. Om 't dy earder it toernoai ek al keept hie foar Harns waard Exstador al diskwalifiseare foar 't de finales begienen. De Herauten [illegible] tsjin Avanti. Sy hienen de [illegible] wedstryd net echt mei en dat lieten se de liedsman goed heare. Dit levere de Burgumers allinne al 2 gele kaarten op en úteinlik ferlies.
Avanti hie de hiele dei al in dreech programma. Sy begienen de dei yn in poule mei [illegible] Heerenveen [illegible] FVC, de nûmer 3 fan 2004 Mulier en 1e klasser Golden Oldies. Mei in lykspul tsjin Heerenveen en 3 winstpartijen gie Avanti as nûmer 1 nei de finaleronde. Hjir troffen sy SDS(winner 2004), De Herauten (haadklasser) en Drs.Vijfje(ek haadklasser). Yn de finale kamen sy úteinlik Heerenveen wer tsjin. Heerenveen hie wat in makliker programma hân(útsein de poule). Sy wûnen fan De Blesse, Zwaagwesteinde en Franeker. Heerenveen hie allinne in oar probleemke. De 1e keeper wie siik wurden foar it toernoai. Om 't de 2e keeper op wintersport wie moast der in spiler(Haresh Sharma) op goal. Dit levere lyk ek in oare taktyk op. Keeper Sharma gie hieltiten mei yn 'e oanfal wêrtroch Heerenveen hieltiten in man mear hie. By balferlies soarge Sharma der wol foar dat hy rap wer yn de goal wie. Tsjintreffers levere dit dan ek hast net op.

Yn in spannende finale wie 't Avanti dy 't al gau op roazen like te sitten. Sy kamen mei 2-0 foar en om 't Heerenveen in soad [illegible] it waard sels 2-2 wêrtroch strafskoppen úteinlik de beslissing bringe moasten. Avanti like hjirby yn 't foardiel wie it net dat de spilers hjir ek sa oer tochten. Nei 2 domme missers (en Heerenveen mar 1) koe Heerenveen úteinlik de felbegeerde beker ophelje.

By de [illegible] Oranje Nassau Grins. Akke Rixt [illegible] ONS oan 't de kwartfinales. Der waard mei 1-0 ferlern fan Tolbért.

Foar SDS sit der neat oars op om oan 't folgend jier te wachtsjen op [illegible] kâns om de Midwintercup nochris te winnen. Hooplik binne wy der dan wer mei 2 teams. Nei 't winnen fan de Midwintercup fan 2004 bliuwt der altiten it gefoel dat je mei in bytsje gelok dy beker sa wer ris winne kinne. (WW)

# Weppeerkes

**Noch in jier**

It haadbestjoer fan SDS wit ús te melden dat sy tige wiis binne dat Marcel Frankena foar in jier bytekene hat as haadtrainer by SDS. In twake dus.



**Fanút Eindhoven**

Piter van der Pol fan F3 hat dizze winterstop brûkt om efkes bij syn favorite klup te sjen; Hij wie bij de wedstryd PSV – Twente

Hij mocht mei syn freon Geert út Helmond efkes op it fjild op de foto..



**Oplossing puzzel**

Yn it krystnummer stie in puzzel,makke troch Douwe Reitsma. Hoefolle minsken der mei dwaande west ha, witte wij fansels net. Wij witte wol dat er ien goeie oplossing binnen kommen is. Fan Immy Kamstra: "Prettige dagen" kaam der te stean.

**"Nije" trekker**

De Skoalleseize hat in "nije" trekker oanskaft. Sij binne dêr mar wakker wiis mei.



**Marco en Klaas tekenje ek by**

Marco Hoekstra en Klaas de Haan hawwe beide witte litte noch in jier troch te gean as trainer en lieder fan SDS A1.




**Gelyk**

Geert Hiemstra hie fansels grut gelyk ôfrûne sneon tidens de nijjiersresepsje. Der bart nea wat bij SDS. In deade klup. At je op www.vv-sds.nl sjogge, dan falt al op dat er nea wat te

dwaan is. Wij stelle dan ek foar dat it logo fan de klup oanpast wurdt.

**Rentree**

Kees Adema, sûnt koart ek wol Kees "Kruk" Adema, neamd sil syn rentree meitsje bij SDS 1. Hy hat te kinnen jûn dat hy syn stuudzje aardich op streek hat en dat der wer tiid hat om te fuotbaljen by SDS. Kees hat in soad draafd de lêste tiid en makket in fitte yndruk. Hy sil seker in fersterking wêze foar SDS 1.klup feroare wurde moat



**Stoppet**

Klaas Okkema hâldt nei dit seizoen op as trainer fan SDS 2. Hy hat dit forige wike bekend makke. It is noch net bekend wa 't syn opfolger wurde sil

**Hâldt op**

Per 17 jannewaris sit Douwe Durk Reitsma net mear yn it bestjoer fan de Skoalleseize. Syn taken binne oernommen troch Hans Kooistra (barfrijwilligers) en Geertje Sijbesma (planning).
Hij betanket elkenien foar de ynset en sjocht er mei wille op werom.

**Spulrigelkwis**

Yn de winterstop is der meast in spulrigelwedstryd foar jeugdleden yn de Sudwesthoeke fan Fryslân. Ferline jier waard SDS twadde. Dat se no foar it earste plak gean is wol dúdlik. Woansdeitejûn wiene se al oan it oefenjen: Geert, Feiko, Bauke, Sybren en Korné binne frijwillich oanwezen.

**Aan alle F-pupillen, ouder/begeleiders,**

Op 30 december jl. is tijdens het kersttoernooi in de sporthal het donkerblauwe trainingsjack, merk Adidas/maat 128 zoekgeraakt. Graag contact opnemen met:

Fam. Breeuwsma, Edens
tel. 0515-331743".

**Better follyballe**

De sealfuotballers fan SDS 1 moasten justerjûn yn de Trije yn Frentsjer spylje tsjin ZVF. Yn de kantine waard foar de wedstryd it folgende opfongen: "Kenne we niet beter tegen dy jonges follyballe? Se ferlieze sels fan dames..........."

**SDS A1 yn finale**

Tidens it Krysttournooi hie SDS A1 him pleatst foar de finale. Hjir de útslagen fan SDS A1 fan dy dei.:

| | |
|---|---|
| SDS A1 - Scharnegoutum A1 | 6 - 3 |
| SneekWZS A2 - SDS A1 | 0 - 1 |
| LSC 1890 A3 - SDS A1 | 0 - 3 |
| SDS A1 - RES A1 | 0 – 1 |

Yn de finale ferlearen se fan Joure en dêrmei pleatsten se harren net foar de grutte finale yn de Trije.

# Agenda

| Wannear | Wat | wêr |
|---|---|---|
| 27-1-2006<br>21.30 oere | Muzyk/fuotbalkwis mei Willem,Freddy en Lolke en livemuzyk fan Tjeerd Abma | \|Jimbar |
| 28-1-2006<br>19.00 oere | Sealtoernooi senioaren SDS | Greidhoeke |
| 28-1-2006<br>14.30 oere | Beker SDS 35 + - Anjum 35 + | Skoalleseize |
| 1-2-2006 | Futsal: FFS 1 – SDS 1 | Hearrenfean |
| 4-2-2006<br>14.30 oere | Oranje Nassau 1 – SDS 1 | Grins |
| 4-2-2006 | Lêste dei om leaugue yn te leverjen | Willem en Roel |
| 11-2-2006<br>14.30 oere | SDS 1 – PKC 1 | Skoalleseize |
| 13-2-2006 | Kopydatum treffer | redaksje |
| 24-2-2006<br>20.00 oere | Spultsjejûn: klaverjasse, yatzee, de kolonisten van Katan | kantine |
| 4-3-2006 | Start kompetysje pupillen | |
| 8-4-2006 | SDS1 –spilers trede op as cheerleader | sporthal |
| 22-4-2006 | Holwierde 1 – SDS 1 mei de bus der | Holwierde |
| 6-5-2006<br>14.30 oere | SDS 1 – CVVB 1<br>Mei live muzyk nei ôfrin | Skoalleseize |

# Sjoch regelmjittich yn de agenda op www.vv-sds.nl